



Utslach Junior Rely-priisfraach 2014

It bestjoer fan it Rely Jorritsma Fûns makket bekend dat de sjuery fan de Junior Rely 2014 fan betinken is dat der dit jier fjouwer fersen en trije ferhalen yn oanmerking komme foar in Junior Rely-priis.

Priiswinners

De Junior Rely-priiswinners binne dit jier:
yn de kategory poëzij:

- Roelof Kooistra út Kûbaard: in 1e priis foar it fers: 'Jo'
- Ilse Duisterhout út Warkum: in dielde 2e priis foar it fers: 'Myn earste tût'
- Yvanka Visser út Boalsert: in dielde 2e priis foar it fers: 'Dreamen'
- Hester de Haan út Winsum: in oanfiterpriis foar it fers: 'De maitiid'

en yn de kategory proaza:

- Berber Tiemersma út Frjentsjer: in 1e priis foar it ferhaal: 'Sinne'
- Anneke van der Werf út Kûbaard: in 2e priis foar it ferhaal: 'Wyld'
- Jannita van der Veer út Winsum: in oanfiterpriis foar it ferhaal: 'Seesiik'

De sjuery

De sjuery bestiet dit jier út Erica Bergema, Thys Wadman en jeugdsjuerylid Anneke Smid. It totale bedrach oan prizejild dat ûnder de winners fan de Junior Rely ferparten wurdt is € 500,-.

In soad ynstjoerings

Sûnt 2004 wurdt alle jierren de Junior Rely-priisfraach útskreaun foar de jongerein fan 12-18 jier. Dit jier wiene der wer in soad ynstjoerings foar de Junior Rely: krapoan 90 gedichten en ferhalen kamen ús kant op. Mids oktober wurdt it sjueryferslach publisearre op de webside fan de gemeente www.littenseradiel.nl.

Priisútrikking

Op sneon 20 septimber 2014, middeis om twa oere, wurde de prizen fan de Junior Rely útrikt yn de tsjerke yn Bears. Dy selde middeis wurde ek de prizen fan de 'grutte' Rely útrikt. Mei troch de muzyk, wurdt it altyd in feestlike en sfearfolle byienkomst. De middei is frij tagonklik foar elk dy't de Rely in waarm hert tadraacht. Al it winnende wurk fan de Rely Jorritsma Fûns-priisfraach én fan de Junior Rely ferskynt dyselde middeis yn in spesjale Rely-útjefte fan it tiidskrift 'ENSAFH'.

Oer Rely Jorritsma

Rely Jorritsma is berne yn Jellum yn 1905. Hy hat yn Ljouwert, Hoogezand en Nijmegen op skoalle sitten. Hy koe goed tekenje en skilderje en hy koe ek aardich skriuwe. Der waarden gauris gedichten en ferhalen fan him publisearre yn ferskate Fryske tydskriften, mar der waarden noch folle mear ôfwiisd. Rely hie in soad argewaasje fan dingen yn de Fryske Beweging en dêr hearde de opset fan de priisfragen yn dy tiid ek by. Hy fûn benammen de beleaning fierstente skiterich.

Testamint Rely Jorritsma

Yn syn testamint liet Rely Jorritsma fêstlizze, dat der in fûns oprjochte wurde moast om syn neilittenskip te behearen. De fruchten dêrfan soene dan tsjinje moatte as prizejild foar priisfragen dêr't koarte ferhalen en fersen yn it Frysk foar ynstjoerd wurde moasten. Doel fan de priisfragen wie it befoarderjen fan de Fryske literatuer.

Wommels, 25 juny 2014

Feestlike priisútrikking yn de tsjerke yn Bears

De prizen sille útrikt wurde op sneontemiddei 20 septimber 2014, om 14.00 oere yn de tsjerke yn Bears. Jo binne fan herte útnoege om hjirby oanwêzich te wêzen.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Daniela Donker fan de gemeente Littenseradiel, (0515) 334408 of d.donker@littenseradiel.nl.